

Guten Abend liebe Gemeinde und Stadtrat von Noarddoost-Friesland!  
Of te wol in goeiejûn gemeente en gemeenteried fan Noardeast-Fryslân!

Ik sprek hjir jûn út namme fan wêthâlder Slijver, wêthâlder Jouta, Riedslid Van der Meij, Riedslid Kooistra en út namme fan mysels.

Wy hawwe ôfrûne wykein op útnûging fan it freonskipskomitê Dokkum-Fulda, nei Fulda west.

Ferline jier binne wêthâlder Jouta en dhr. Kooistra ek al mei west en wêthâlder Slijver hat der ek alris west. Mar foar mefrou Van der Meij en iksels wie it de earste kear. Wy wisten net hiel goed wat wy ferwachtsje koene en moasten.

Alle ferwachtingen binne it wykein oetrotten, wat wie it in noflike, moaie, gesellige en boppe-al weardefol wykein.

Wy wolle mei jimme efkes koart weromsjen op de besite oan Fulda en de wichtige stêdebân tusken Dokkum en Fulda.

By it hotel stienen Tjeerd Jorna en syn frou Annemarie ús op te wachtsjen. Twa tige leave, gesellige, aardige minsken dy't in soad fan Fulda witte en wichtige/weardefolle kontakten yn Fulda makke hawwe.

Tjeerd Jorna makket diel út fan it freonskipskomitê út Dokkum tegearre mei Focko Visser en Wolter Kleine.

Dizze mannen hawwe ús ferline wike tongersdei noch bypraat yn de ried, dêr 't doe dúdlik nei foaren kaam hoefolle oeren oft se alle jierren yn dit komitee stekke.

Hast 1100 oeren, en dat is ús no wol dúdlik wurden, wêrom 't dat der safolle binne. Wat in tiid en enerzjy wurdt der stutsen yn dizze bysûndere stêdebân.

Yn Fulda waarden wy tige waarm en tige welkom hjitten troch it freonskipskomitee al dêr; Petra, Rita en Frans. Ek sy stekke in hiel soad tiid en enerzjy yn de stêdebân mei Dokkum. De stêdebân Dokkum mei Fulda is hiel spesjaal en wurdt fan beide kanten droegen troch it freonskipskomitee.

Dokkum is foar Fulda hiel spesjaal, Bonifatius bynt ús en dat wie ôfrûne wykein dan ek wis te sjen. Fulda hat him hjir breed op ynset, troch ús út te nûgjen foar miss op snein en oant de útnûging fan Rozenmontag.

De miss op snein stie ekstra yn it teken fan de herdenking fan pastoar Paul Verheijen. Ek yn dizze tsjinst waard meardere kearen de goede stêdebân neamd.

De oanwêzigens fan ús, set ús gemeente Noardeast-Fryslân noch mear op 'e kaart.

Oeral waarden wy troch ynwenners, ûndernimmers, mar ek troch de gemeenteried, wêrûnder überboargemaster Heiko Wingenfeld herkend, oansprutsen, wolkom hjitten en as gasten, prinsen en prinsessen behannele.

We moatte as gemeente tige bliid wêze mei de bân dy 't we mei Fulda had. It freonskipskomitee út Dokkum en út Fulda wei is in tige wichtige skeakel hjiryn.

As gemeente moatte wy ús as ambassadeurs fiele en besykje de mearwearde fan de stêdebân dúdlik te meitsjen, troch û.o. Folle breder de gearwurking te siekjen yn ûnderwiis, toerisme, sport en it bedriuwslibben.

Wy kinne inoar noch mear opsykje, noch mear fersterkje en úteinlik faninoar leare!

Hjirby soe fersterking fan it freonskipskomitee net ferkeard wêze. As der ynteressearden binne, kinne dy harren melde by it Komitee.

Wir sind im Fulda verliebt, und Fulda ist in uns verliebt!!

